



Geale Knyn

It jier 1917

‘Brr’, huvere Knillis en joech him del op syn fêst plak, neist de potkachel. Dy baarnde sa fûl dat it wetter yn de tsjettel oan ien wei troch stie te kôkjen. De wyn boldere troch de popels om it hûs. Sa no en dan foel der in tongerslach út de loft en de earste sniebuien soenen net lang op har wachtsje litte. ‘Krekt itselde waar as doe’t Geale syn wiif ferdwûn, witst noch wol?’, sei Knillis, wylst er de skonken op it bankje lei dat er dêr spesjaal foar makke hie. Sa koenen de healwiete sokken opdroegje.

‘Seurpot, dat seist al salang as it minske der net mear is’, antwurde Aafke, dy’t dwaande wie mei it skilen fan in stik as wat earpels, dy’t sa glêzich wienen dat je de krante der troch lêze koenen.

De Lege Feanwei, it jier 1897

Geale Knyn syn wiif. Nimmen hat ea witten wat der krekt bard is yn dy woeste wintermoanejûn. De goaden hienen it der net bêst opstean foar it folk oan de Lege Feanwei, de drekdyk dêr’t elts teplak koe dy’t net op in gewoan hûs rekkenje mocht. De foarôfgeande winter hie hurd west en de maitiid wiet. Dêrnei in simmer sa droech as rys en de hjerst koart. De wintertarring wie minimaal en de minsken seagen mei grutte soargen nei de kommende tiid. It soe wer delkomme op streupen en stellen, oars kaam der neat yn de panne.

Geale Knyn, in betûft streuper, hie yn de simmer wat los wurk dien, ûngetiidzje by de boeren en as der oars neat wie, woe er ek noch wol wat helpe yn de turf. Mar de measte tiid brocht er troch mei streupen. Dat mocht net fansels, mar hy wie net foar ien gat te fangen.

Mar no? It like der net op. Alles wie derûnder strûpt. De Lege Feanwei wie it lêste droege plak, dêrnei koest swimme. Al it wyld wie ferdwûn nei heger lizzende stikken, it wie rûnom sa dea as in pier. Dy heger lizzende stikken wienen fan de adel en dy hienen boskwachters yn tsjinst dy’t fûl op streuperij wienen. It wyld moast mei de krystdagen op tafel by mefrou en menear en net by Geale en it wiif.

Der wienen manlju dy’t harren lok op oare plakken sochten. Sa no en dan kaam der berjocht dat se immen trappearre hienen, dy mocht dan in skoft útfanhûs yn it gefang, dat help ek net.

‘Dit is it lêste stikje fleis, Geale’, jammere Richt, Geale syn frou.

Geale seach har oan. ‘En?’

‘Is der dan neat te heljen?’

Geale suchte in kear en gie oerein. ‘Ik sil noch in loop dwaan’, sei er en luts de duffel oan. ‘It kin wol in dei as wat duorje’, wie it ôfskie en hy luts de doar efter him ticht. Troch de tichte storein, fermongen mei wiete snieflokken, ferdwûn er yn ’e skimer.

Dat it swierwaar wurde soe, die wol bliken doe’t de kimen opljochten en nei in tel as

wat in fikse tongerslach oer it gea klonk. Richt hie it net sa op tonger, dan skiet se sân kleuren. Dat wist Geale wol, mar der moast dochs iten wurde, dat hy sette troch.

Hy wist hokker kant er út woe. Net nei de Wâlden, dat folk wie him te wreed. As dy jo snaptten mei in sek beantsjes op de rêch, seach it der net goed foar jo út. It kâlde stiel fan de Herder-knyften wie ferneamd.

Flak by hûs wie neat te heljen, dat hy moast op nei de klaai.

Wylst er troch de drek bongele, seach er hjir en dêr in lyts ljochtsje baarnen. Spitketen en oare bousels mei lekke dakken, hy koe se wol dreame. Sa no en dan hearde er in bern jammerjen en in pear opslûpte knapen strúnden om de keten hinne, op syk nei wat fertier, foarsafier dat yn dizze negerij te finen wie.

De wiete snie waard tsjokker en krong op it lêst troch de duffel hinne, sadat er kâld waard. Dêr knapte it sin net fan op.

Nei in lange tocht kaam er by in garniersspultsje lâns, hy wist dat de heaberch in eintsje fan it hûs ôf stie. Mei dit waar soe de hiemhûn wol net al te waaks wêze, it wie neare nacht en it droege, waarme hea lokke.

Dat hy net de ienichste wie dy't dat idee hân hie, murk er doe't er by de ljedder op klommen wie en him deljaan soe. 'Kin in minske hjir ek al net rêstich sliepe?', groude in stim. Geale skrok derfan, mar sei: 'Ik tink net dat jim de eigner fan dizze berch binne, dus kin ik my hjir ek wol efkes deljaan.'

Twa gedaanten stieken de holle omheech en rôlen sûnder fierder wat te sizzen op de oare side, sadat Geale de romte hie. 'Op trochreis?', frege Geale.

'Ik skarrelje hjir altyd yn dizze krite om', sei de iene en stelde him foar as Fedde. De oare kochele slim en sei dat er sliepe woe. De moanne pike troch in gat yn it wolketek en soarge foar wat ljocht. 'Jo binne dweiltrochwiet', sei Fedde, dy't in lange swarte jas as tekken brûkte.

'As je mar lang genôch yn sok waar rinne, is sels in duffel te tin', stelde Geale. 'Jim ha neat te iten by jim? Ik bin roppich.'

De kocheljende man smiet him in tas ta, dêr sieten in pear hompen bôle yn.

'De frou allinnich thús mei dit minne waar?', frege Fedde.

'Der moat iten komme,' sei Geale koart.

De dei hie lang west en hy sakke yn de sliep, oant de hoanne him wekker makke. Hy seach fernuvere om him hinne. Fedde wie fuort en de keardel dy't neist him lei sei it measte net mear. Geale joech him in triuw en fiede doe oan syn gesicht. 'Bliksem, dy is dea!', flokte er en eage it hiem oer. It wie noch stil. Hy stuitere by de ljedder del en joech him ôf. Doe't er twa doarpen fierder wie, tocht er oan de boer, dy't by it hea losmeitsjen de skrik fan syn libben krije soe.

Hy seach dat de omjouwing feroare. De tsjerketuorren stutsen heger de loft yn en de rige kowerútsjes yn de pleatsen waarden langer.

Op in bjinstap by in grutte pleats wie in fanke dwaande mei de molkbussen. Geale frege oft er wat drinken krije koe. De faam brocht him nei de keuken en snie in stik spek fan in side, sa grut hie Geale it noch nea sjoen. De boerinne kloarke him út oer wêr't er weikaam. Geale fertelde geduldich, want it spek smakke lekker. 'No, ik sil wer fierder', sei er nei in skoft. Bûten reinde it wer as in kring.

De boerinne skodholle. 'Gjin sprake fan, jo kinne wol yn it hea sliepe, it is gjin waar.'

Dat rûn Geale as lij wetter yn 'e earen. Yn de nacht die er syn dingen, de oare moarns wie er al in moai ein út de buert. Neist in protte iten hie er ek in knap poepke jild meinaam, dat no koe er wer ris goede tabak keapje. Hy brocht de itersboel ferside en rûn nei de winkel, tsjinoer de tsjerke. Doe't er de pipe yn de brân hie, hearde er ien omfoeterjen. De man wie mei in skeppe oan de noardkant fan de tsjerke oan de gong. 'Net ien mei in protte sinten?', frege Geale oer de brune boekehage hinne. 'Dizze lei dea op in heaberch, bringt gjin dûbeltsje op', sei de deagraver. 'Ik ha him der yn de blaukile ynsmiten, op it goedkeapste plak.' Sjen dat ik hjirwei kom, tocht Geale.

Doe't er hast oan de Lege Feanwei ta wie, sette it wer op in tongerjen. Hy seach in fjoerbal oer it fjild rôljen, dy't dwers troch ien fan de spitketen fleach. Daliks stie de hiele brot yn 'e brân. It folk raasde en draafde om, dat joech Geale de kâns om sûnder sjoen te wurden syn hiem op te rinnen. Hy hie de klink fan de doar hast beet doe't er stimmen hearde. Gau ferstoppe er syn búten yn it hinnehok en mikere doe troch de besleine ruten. De keamer siet fol minsken. Mei in klets sloech er de doar iepen en boldere: 'Wat sil dit hjir, en wêr is Richt!?'

Richt waard net fûn. Se sochten oeral, mar it minske wie spoarleas. Sjouke, de jonge plysjeman dy't krekt oansteld wie, koe har ek net fine. Geale húsmanne noch in jier as wat allinnich om, oant er op in dei dea op it hiem lei. Om him hinne leinen in stik as wat grouwe kninen, ien derfan hie er hast de jas út hân. De begraffenis wie gau klear, yn it kafee waard Geale Knyn neffens tradysje mei in slokje betocht. Goatse gedroech him wat frijemd. Hy wie opfolger fan syn heit as kroechbaas, en hie dit tafriel al faak meimakke. Ynstee fan efter de taap stie er foar it rût en eage in manspersoan nei, dy't it doarp útrûn.

Tweintich jier letter

Der wie reboelje yn de buorren. Sjouke, de doarpsplysje, naam poalshichte. It blykte dat der by it turfgraven in lyk fûn wie. Sjouke fytste nei it plak fan de fynst en seach in turfkroade mei in net al te skjin lekken der oer. Hy luts it nei ûnderen en waard spierwyt om 'e holle. De opsichter kaam derby. 'Ik wit yn elts gefal wêr't de deagraver grave moat', sei Sjouke. 'Geale Knyn kriget syn wiif werom.' It wie Richt, se wie yn it fean goed bewarre bleaun. Hoe oft se dêr kaam wie? Neffens guon hie se op wei west nei har suster dy't tweintich jier lyn ek yn dy krite wenne, mar wis wie net ien.

Goatse syn kafee wie goed beset, neidat Richt neist Geale op it hôf kaam wie. It waard al wat skimerich, Goatse stie wer foar it rût. Nei in skoft seach er him oankommen. Hy stapte it kafee út en rûn de gedaante temjitte. 'Kin it wêze dat ik jo hjir earder sjoen ha?', frege er oan de man dy't klaaid wie yn in lange swarte jas. Dy draaide efkes de holle nei him ta en knikte.

Letter, efter de taap, sei Goatse dat er noch nea immen sjoen hie mei sa'n wite kleur op de kaken. 'Sei er ek wat?', frege Sjouke, dy't ek om in slokje kaam wie. 'Hy sei dat er Fedde hjitte', sei Goatse en krige de fesse foar de ôfsluting.

Ferdinand de Jong

